

Meartaligens is in pre op dyn cv

Wy kinne net mear om meartaligens hinne. Ek it ûnderwiis kriget dat hieltyd better yn 'e gaten.

Achtergrond

↳ Idske Bangma

Taal is te fine yn ferskillende farianten om ús hinne. De winkelstrjitten fan 'e grutte steden binne hieltyd Ingelsktaliger en 'sale' hat 'uitverkoop' hast hielendal ferkrongen. Kommersjeel is der foar it Frysk of in oare streektaal gjin romte, mar op oare terreinen binne der in protte foarbylden fan de lytse taal of it dialekt, foaral yn it deistige libben en de kultuer.

Tink oan muzyk, teater, kabaret en oare kultueruterings yn it Frysk, Bûdts, Grunnegs, of Stellingwarfs. Yn 'e kranten komme streektalen, dialekten en minderheidstalen werom yn berte- en rou-advertinsjes. It Ingelsk is noch fier te sykjen. Taal is dan gjin kommersjeel kommunikaasjemiddel, mar is relatearre oan gefoel, identiteit. Wat is it moai datst dy yn dyn memmetaal uterje kinst en by dyn eigen gefoel bliuwe meist. En datsto frij bist om dyn eigen taal oeral te brûken.

Ungefear 28 prosint fan de ynwenners fan de EU binne twa- of meartalich, dat is mear as 55 miljoen minsken. Der binne sa'n sechtich regio- en minderheidstalen. En troch de globalisearjende wrâld en ek de mear mingde houliken kinne wy net mear om meartaligens hinne. Ut (ynter)nasjonaal wittenskiplik ûndersyk docht bliken dat jonge bern maklik meardere talen tagelyk leare kinne en dat meartaligens foardielen hat, dy't ek foar de langere termyn jilde. It is goed foar de sosjale, emosjonele en kognitive ûntjouwing fan bern en foar it funksjonearjen yn in meartalige maatskippij: 'Meartaligens is in pre op dyn cv!'

It ûnderwiis kriget dat gelokkich ek yn 'e gaten. De start fan it ûnderwiisproses wurdt faak al hiel bewust makke. Yn de foarskoalske perioade binne der yn de Fryslân al mear as hûndert bernedeiferbliuwen en pjutteboartersplakken, dy't Frysk- of twatalich binne (ûnder begelieding fan Sintrum Frysktalige Berne-opfang). Om pjutte- en beukerliedsters mei goede materialen wurkjen te

litten, is it mantsje Tomke al fyftjin jier in begryp yn 'e húshâldings en pjutteplakken yn Fryslân. En om in goede trochgeande line fan nul oant tolve jier del te setten is der yn 2010 in dvd *Troch mei talen* makke.

Seishûndert skoallen

Yn Fryslân binne der sawat fyftich trijetalige basisskoallen, dy't mei in strukturearre taalbeliedsplan en ûnder begelieding fan Taalsintrum Frysk/Cedin harren learlingen tariede op in meartalige takomst. Derby binne der mear as hûndert basisskoallen dy't hiel bewust in Fryske dei of Fryske middei ynrjochtsje, om de thústaal fan de learlingen te fersterkjen. De groep taalskoallen sil inkeld mar groeie. Lanlik binne der

Wat is it moai datst dy yn dyn memmetaal uterje kinst en by dyn eigen gefoel bliuwe meist

mear as seishûndert skoallen dy't ynsette op 'vroeg-vreemde-talen-ûnderwiis' (vvtto). Dy skoallen biede earder in twadde taal oan yn har lesprogramma's, foaral it Ingelsk en dogge dat fan groep 1 ôf. Yn it fuortset ûnderwiis wolle se no ek better oanslute by de learlingen dy't mei in gruttere taalbagazje by harren op 'e stoepe steane.

Meartaligens hat de takomst en de basis is noch altyd de thústaal. It docht der net ta watfoar taal dat is, as de opfieding mar taalryk is. Noch altyd is it Frysk foar hast 60 prosint fan de bern yn provinsje Fryslân de thústaal. In prima basis dus, want oeral op 'e wrâld wurdt oantoand dat de minderheidstaal of streektaal net skealik is foar de behearsking fan in mearderheidstaal! Krekt net:

bern wurde ûntfankliker om in tredde taal te learen, as it ûnderwiis dat strukturearre oanbiedt.

Yn Europa binne in protte foarbylden te finen fan de bêste wize fan in meartalige taaloerdracht. Ek yn 'e provinsjes Drinte en Grinslân binne foarbylden fan taaloerdracht yn it Nedersaksysk, al binne dy provinsjes op it mêd fan ûnderwiis en meartaligens noch net sa fier as yn Fryslân.

Om de kennis fan liedsters en learkrêften op it mêd fan meartaligens en jonge bern te fergrutsjen, is der in twatalich hânboek ûntwikkele *Meartaligens yn it deistich libben/Meartaligheid in het dagelijks leven*.

Dat hânboek is ûntwikkele yn it kader fan it Europeeske projekt MELT (Multilingual Early Language Transmission) en is in gearwurking

tusken de minderheidsregio's Fryslân yn Nederlân, Bretanje yn Frankrijk, Wales yn Grut-Brittanje en de Sweedske taalmienskip yn Finlân. De map biedt taalûntwikkelingsaktiviteiten en taaladviezen en is ornearre foar liedsters en learkrêften dy't mei jonge bern wurkje.

Rike taalomjouwing

De ideeën binne rjochte op in goede en rike taalomjouwing, sadat bern har optimaal ûntwikkele kinne. Tema's binne bygelyks: 'folwoeksenen as taalfoarbyld'; 'oparbeidzje mei âlden'; 'observearjen en folgjen fan bern'; 'ynteraktyf foarlêze en fertelle' en 'spultsjes dwaan om de taalûntwikkeling te stimulearjen'.

Op de 'Dag van het Jonge Kind' (organisearre troch Partoer, Stenden

en Cedin) hawwe professionals, dy't mei bern fan nul oant seis jier wurkje, útlis hân oer de foardielen fan meartaligens en oer de ynhâld fan it hânboek. Troch harren miening te jaan oer in spultsje, dogge liedsters en learkrêften mei oan in ûndersyk nei in taalrike omjouwing yn in minderheidstaal, dat Mercator Kennisintrum dit jier útfiere sil.

↳ Drs. Idske Bangma is ûndersyksmeiwurkster Mercator Europeesk Kennisintrum foar Meartaligens en Taallearen / Fryske Akademy

↳ Dit is in gearfetting fan de lêzing dy't Bangma ferline wike yn Drachten jûn hat yn it ramt fan de Dag van het Jonge Kind



It mantsje Tomke is al fyftjin jier in begryp yn 'e húshâldings en pjutteboartersplakken yn Fryslân. Foto: FD